


AMENDEMINT

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Lieuwe van der Pol - CU
Mei-yntsjinner(s): Bea Bijlsma - D66 Gerben van der Mei – FNP Jan Walrecht, PvdA Aebe Aalberts, CDA

Amendement nr.	1
Paraaf	
Wurklistpunt	5
Beslút	

AMENDEMINT, eks kêt 29 Reglemint fan Oarder

Steategearkomste	9 november 2022
Wurklistpunt	05 Twadde BERAP 2022
Koarte titel amendement	Reparaasje oergong Doarpshuzenregeling nei IMF

Oerwagings:

- De evaluaasje fan de oergong fan de doarpshuzenregeling nei it IMF is yn de simmer evaluearre;
- Yn 2018 binne der noch 7 oanfragen dien wêrfan noch 2 oanfragen yn behandeling wienen ûnder de âlde doarpshuzenregeling;
- Yn in earste evaluaasje fan 16 desimber 2020 mei skaaimerke: 01822111 wurdt dúdlik makke dat "yn de regeling de mooglikheid opnommen wie om by útsûnderlike moetingssplakken in berop dien wurde kin op in direkt beslút troch DS oer de hichte fan de finansjele bydrage.";
- Dêr wurdt ek yn de evaluaasje oanjûn dat "by de start fan de yntegraasje net dúdlik kommunisearre is oer de mooglik- en ûnmooglikheden dy't it IMF biedt.";
- Troch neifraach by Doarpswurk is no dúdlik dat der mar ien doarpshûs yn byld bliuwt dy't no net op deselde wize as earder holpen wurde kin by de nijbou fan in doarpshûs. Dit is it doarpshûs foar Seisbierrum/Pieterbierrum.
- Dit inisjatyf yn Seisbierrum is einliks in moetingssplak foar trije partijen en dêrom kin allinnich al sprutsen wurde fan in útsûnderlike situaasje;
- De inisjatyfnimmers foar dit moetingssplak wiene al jierren foar de ienfiering fan de nije regeling dwaande en rekkenden dêrop gebrûk meitsje te kinnen fan – no net mear - besteande regelingen;
- De inisjatyfnimmers wie it net mooglik om fia it IMF – ek yn de kategory oant 75.000 - in oanfraach te dwaan foar de bou, wylst dat wol de kategory is dy't yn it libben roppen is om de doarpshuzenregeling soepel ûnder te bringen yn it IMF.¹;

¹ Dat is dien op basis fan in breed droegen beslút troch Provinsjale Steaten mei amendement Doarpshuzenregeling 2.0 d.d. 26-09-2018. Yn de brief oer dat amendement mei skaaimerke 01630128 wurdt troch DS oanjûn dat moetingssplakken ek ûnder it IMF in oanfraach dwaan kinne soene foar de bou en ferbou.

AMENDEMINT

AMENDEMINT

<ul style="list-style-type: none">- It freegjen fan dizze "bou-subsydzje" waard behindere trochdat dêrfoar al oanfragen fia LEADER dien binne en dat der fia it IMF gjin oanfraach mear foar de stiennen dien wurde kinne;- It is winsklik gebrûk te meitsjen fan de eardere mooglikheid ta it leverjen fan maatwurk troch in direkt beslút fan DS om dermei de oergong fan de doarpshuzenregeling nei it IMF op in goede wize ôf te sluten;	
De yntsjinner(s) stelt/stelle it folgjende amendemint út	
	Skrasse út oerwagingen by it beslút:
	Taheakje oan de oerwagingen by it beslút:
Beslút	Skrasse út tekst beslút:
	Skraste tekst ferfange troch:
	Taheakje oan beslút: <ul style="list-style-type: none">- It inisjatyf om yn Seisbierrum te kommen ta in doarpshûs foar trije doarpen temjitte te kommen mei in bydrage fan € 150.000;- Dizze bydrage te finansieren fanút de frij te besteegjen reserve.
Yntsjinner(s)	ChristenUnie, Lieuwe van der Pol D66, Bea Bijlsma FNP, Gerben van der Mei PvdA, Jan Walrecht CDA, Aebe Aalberts